

DÉ RING FAN FRYSLÂN



Te keap yn ús winkel en
fia pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE

WATZEVANDERWAL.NL

2024
2025


RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

53

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



DE GRAAF

PIANO'S & VLEUGELS

VERKOOP EN VERHUUR



Sinds 1951 het adres voor

STEMMEN EN ONDERHOUD

Hanekamp 8 8023 TH Zwolle, telefoon (038) 453 55 87
info @degraafmuziek.nl



BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst
	janendjoke@home.nl	/ 0522 464718 / 06 14268993
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen
	henmmonkel@kpnmail.nl	/ 0529 433175 / 06 30888376
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle
	jolandalootens@live.nl	06 47585240
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst
	sdabakker@outlook.com	/ 0529 401683 / 06 57255999
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe
	janterkkuipers@gmail.com	/ 0570 522329 / 06 42275636
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle
	annetnieuw@planet.nl	/ 038 4537836

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSONEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Hatter	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

Zwolle

Aalanden	frou B. Ypenga	Potmarge 29	038 4537164
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. van Slageren	Lorentzlaan 34	038 4529353
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Hândellaan 359	06 44440759
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstriik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear G. Jellema	Westerbergmate 49	038 4657561

MEIDIELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 53
nûmer 2


Oprijochte 8 febrewaris 1899

wintermoanne 2024

UNDERWEIS NEI KRYSTTIID

Der wie in tiid, dat der risselwaasjes foar de krystdagen makke waarden, as Sinteklaas de hakken sjen litten hie. Yn in flok en in sucht ferdwûn it sinteklazeguod út 'e winkels. In dei letter leine dy fol mei krystspul. Wat in ferskil mei hjoed-de-dei. Wylst Sinteklaas noch kommandewei is, lizze de winkels al grôtfol mei in grut ferskaat oan krystfersiering en –ferljochting yn ferskillende en soms senuweftich flikkerjende kleuren. Keunstkrystbeammen binne yn alle soarten en maten te keap en krysttruien mei it 'red nosed reindeer' hingje begjin novimber al pontifikaal yn de rekken. No binne der grif minsken dy't sizze: 'Dêrom hoechsto noch gjin krystbeam of oar krystspul te keapjen.' Dêr hawwe se gelyk oan. In krystbeam komt dan ek net earder as nei Sinteklaas yn 'e hûs. Mar wêrom wurdt alle war dien om ús sa betiid yn 'e krystsfear te bringen? Leit it oan de kommersje, dy't ús oan it keapjen hawwe wol om safolle mooglik winst te meitsjen? Of leit it ek oan ússels? Om't wy yn de donkere dagen foar kryst graach wat fleur en ljocht yn 'e hûs hawwe wolle. It earste stiet wol fêst. Mar it twadde? 'Ferbining' is tsjintwurdich it biedwurd. Want yn 'e kearn wolle minsken graach yn harmony en ienheid mei-inoar libje. Dêrom gripe se alle mooglikheden oan om dy sfear, yn elts gefal yn eigen hûs, te kreëarjen. Dêr spilet de kommersje mar wat graach op yn.

It is psychology fan de kâlde grûn, want ik haw der net foar trochleard, mar ik haw it gefoel dat ik de planke net safier misslach. Wy wurde ommers op alderhande wize konfrontearre mei de tsjustere kanten fan de minske en fan de maatskippij dêr't wy yn libje. Foarbylden binne der spitigernôch by de roes. De wrâld rekket aloan mear yn ûntsjoer. Yn de tizeboel fan polarisaasje, diskriminaasje, ekstremisme, rasisme, anti-semitisme, ultra-nasjonalisme, oarloegen en geweld, sykje minsken nei ljochtpuntsjes en in hâldfêst. Dêr litte de krystdagen har by útstek ta liene. Net allinnich troch in optúgde krystbeam, kearsen en krystferljochting. Foar in soad minsken is it krystbarren, de betinking fan 'e berte fan Jezus, it Ljocht yn har libben en foar de wrâld. Sa riedt elts him op syn en har eigen wize op krysttiid ta. Goede krystdagen tawinske.



Jan Bosgraaf (foarsitter)

En in lekker krystmiel.

FERSLACH LEDEGEARKOMSTE 2024

*freed 25 oktober 2024 yn 'De Weijenbelt'
sa'n 50 minsken oanwêzich*

1. Iepening en meidielings

Justjes nei twaen hjit Jan (Bosgraaf) ús hertlik wolkom op 'e earste middei fan it winterskoft 2024-2025; leden fan ús selskip en fan it Frysk Sjongkoar Swol en yn it bysûnder Sippy Tigchelaar mei frou Janke Schurink – Wijkstra. Sippy is benijd hoe't wy ús ledefergadering hâlde.

De kofje of tee mei in dûmke is foar rekken fan it selskip. It drankje yn it skoft ek. Mocht men dêrnei noch sin hawwe oan in drankje dan is dat foar eigen rekken. Dêr komt dan wol in 'baltje' fan 'de Weijenbelt' by.

Wy geane fierder nei 125 jier. Dit is de earste middei. Wy hawwe no noch 84 leden. Dat binne tsien minder as in jier lyn. Seis hawwe opsein, meast om't se minder mobyl binne. Fjouwer leden binne ús ûntfallen. Dat binne **Matty Minnema, Corry Penning, Jelle Visser en Marietje Rienks**. De measten koene dizze minsken wol en hawwe waarme oantinkens oan harren.

Om't de measte leden der jûns leaver net mear op út geane, hâlde wy gjin (grutte) jûnen mear en binne wy op middeis oergien.

Efter de bestjoerstafel sitte fan 'e middei mar fiif bestjoersleden. By Henk Monkel, dy't der oars altyd is, is koartlyn de sykte fan Kahler ûntdutsen. Hy leit op it stuit yn it sikehûs en is yn behanneling. Wy hoopje fansels dat it oanslaan mei en winskje Henk sterkte.

2. Ferslach fan 'e ledegearkomste fan 27 oktober 2023

Der binne gjin fragen en/of oanfollingen. Mei tank oan de makker, Jan Tjerk, wurdt it ferslach fêststeld.

3. Jierferslach 2023-2024 fan 'e skriuwer

Dat ferslach bestiet út de fiif krantsjes fan 2023-2024. Der binne gjin fragen of opmerkingen en wurdt fêststeld.

4. Jierferslach 2023-2024 fan 'e ponghâlder

It ferslach wurdt besprutsen en Sjoerd seit, dat der nochal wat minsken justjes mear as de ynlage betelle hawwe. Dat is fansels hiel moai. Tige tank!

Oer it jubileum wiene gjin ynkomen begrutte, mar dat is wol bard.

Op 'e begrutting stiet foar de 4^e jûn noch de âlde tekst fan 'jubileum', seit Gerrit Jellema. Dat hat Sjoerd sjoen en it wurdt oanpast. De jierrekken wurdt fêststeld.

5. Ferslach fan 'e rekkenopnimmers

De rekkenopnimmers Gerrit Jellema en Jaap van Slageren wiene dit jier oan bar. Gerrit jout útlis hoe't hy de boeken neisjocht en hielendal neat fine koe dêr't Sjoerd gjin antwurd op jaan koe. De rekkenopnimmers freegje dêrom de ponghâlder en dêrmei it bestjoer desjarzje te ferlienen. Jan betankt de rekkenopnimmers. Benammen Gerrit Jellema dy't it twa jier dien hat en no ôfgeand is. Nije rekkenopnimmer wurdt Jan Eppinga, dy't reserve wie.

(lês fierder op side 3)

KRYSTPUZEL 2024

De omskriuwing fan de fjirtich wurden stiet hjirmonken. Deselde sifers hawwe deselde letters. De trije letters (bylûden) dy't ynfolle binne, komme mar ien kear foar.

De letters A, E, I, O, U, IJ en Y binne net mei sifers oanjûn. Dy meie jimme sels op it goede plak sette.

As de puzzel goed ynfolle is, stiet yn de griene kolommen in Frysk sprekewurd, dat hjoed-de-dei ek tige aktueel is.

1		3	13		4	6	21	11		2	1	10		V	5	
2	9	2			5			2		22	3			6	2	8
3		8	2		3	23	10	1	5		3	1		11		8
4	2		1		7		10	24	17		2	10		6	C	13
5	14		4			8		3	25	12		1		8		4
6	10		12			2	2		26	6	2				2	
7	7	3			9		4	27	9		13			6	3	6
8	11	2			3	4		7	28	9				12		6
9	6	5					29	1	14		3	3		9	4	8
10	8				2		30		8	12		8			4	5
11	3					1		10	1	5		31			2	6
12	1	7	2			2	32	10		1	7			1	7	10
13	10	1	5		2	7		33		11	11			10	7	5
14		3	10			7		34	1		4	1			17	5
15	9		2			6		10	1	7	35	9		2		6
16	9		1		9	9		36	12	4				13	5	10
17	6		14		1	10			3	37	8				3	7
18	11		2		2		6	Z	5		38	9		10	14	
19						11		2	9		10	10		2		12
20	9		2			2		40	11			2		2		

OMSKRIUWING KRYSTPUZEL 2024

1. wat yn in boek, skrift, brief ensfh. stiet
2. koart skriftlik stik / fluchskrift
3. rûngong
4. âlde leafde net
5. rûch, wyld persoan
6. mei syn beiden
7. gewricht
8. foarkommend
9. bolbjirken omspringe
10. stiennen wand
11. lêste gong fan in diner
12. kleanmakker
13. it kin better fan 'e toer as fan 'e
14. witte te ûntkommen oan
15. frjemd taaltsje / apegryks
16. troch famyljebannen ferbûn
17. grize, poreuze, fulkanyske stiensoarte
18. in eintsje rinne / kuierje
19. better hjoed in as moarn in hin
20. gegriem
21. fan 'e kjeld / fan skrik
22. meganyk yn tram en trein
23. help foar húshâldik wurk
24. foarynnommen
25. in lekker miel
26. misliedend antwurd
27. konservatyf / sunich
28. iepenbiere feiling
29. wurdt ek wol snoekeblêd neamd
30. net rjocht sûn wurde kinne
31. it hat hiel wat fuotten yn 'e
32. stiet tusken twa romten yn
33. ôfskie nimme troch in hân te jaan
34. (noflik) byinoar wêze
35. giet foar de died
36. tige, tige waarm
37. gearstalling fan ûnderdielen
38. op ûnfatsoenlike wize
39. korreksje / rjochtsetting
40. wize fan foar it gehoar bringe



*Stjoer de oplossing foar
25 desimber oan
janendjoke@home.nl
of in app nei 0614268993
Sa kin elk meidwaan.*

*Under de ynstjoerders fan de
goede oplossing ferlotsje wy
op ús nijjersmiddei
(freed 31 jannewaris)
trije doaskes mei seis stikjes
lekkere oranjekoeke.
Wa't útlotte wurdt en der
net is, komt dêrmei op 'e kofje.
Want dan wurdt der gewoan
op 'e nij lotte.*

En no ... mar gau oan 'e slach.

(ferfolch fan side 2)

6. *Beneaming fan in nije reserve-rekkenopnimmer*
In reserve wurdt frege en Piet Minnema jout him dêrfoar op.

7. *Bestjoersferkiezing*
Henk Monkel is ôfgeand en op 'e nij foar trije jier yn te hieren. Der binne gjin beswieren of tsjinkandidaten ynbrocht. Mei hantsjeklap wurdt Henk wer ynhierd. Jan follet oan, dat yn it bestjoer ôfptraat is te bliuwen sa lang as 't kin.

8. *It winterskoft 2024-2025*
En dan it winterskoft. Dat is hjoed begûn mei de ledegearkomste. En daliks mei in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol en dêrnei Sippy Tigchelaar mei ferhalen oer de skûtsjeskipperskes.

19 desimber it Krystmiel yn 'Het Roode Hert' yn Dalfsen mei meiwurking fan it Frysk Sjongkoar Swol.

31 jannewaris yn 'de Weijenbelt' mei Gjalt de Groot oer syn boek 'Wy strûpe derûnder' en sterke ferhalen oer aaisykjen ensfh.

28 maart is noch net ynfolle.
Jelma Wiegersma jout oan dat 'Sânman en Sikke' 30 jier bestiet. Mooglik is dat wat foar ús. Dan seit Jan, dat dit no krekt is dêr't wy wat mei sitte. Want dy mannen binne net om 'e nocht.

In oar lid freget, oft it net mooglik is om mei in oare krite gear te wurkjen. Dat is wolris besocht, seit Jan, mar wurket net. Elke krite hat syn eigen 'sfear' en foarkar foar hiel ferskillende programma's. Boppedat wurdt elkenien ek âlder en wol net mear te fier fuort. En de jongerein moat middeis faak wurkje.

9. *Ynlage foar it winterskoft 2024-2025*
Foar it winterskoft wolle wy de ynlage graach sa hâlde. As it nedich is, soe foar in djoer programma in tagongspriis jilde kinne. Binne der minsken dy't it beswierlik fine om in yntreepriis fan bygelyks € 10.-- foar sa'n middei del te lizzen? Dat fynt net ien in beswier. Dan wurdt de ynlage noch in jier fêststeld op € 38.--.

10. *Begrutting fan it winterskoft 2024-2025*
No't de ynlage fêststeld is, wurdt de begrutting fêststeld sa't dy foarleit.

11. *Rûnfraach*
Hjir wurdt gjin gebrûk fan makke.

12. *Sluting*
Mei tank foar de ynbring slút Jan de gearkomste, dy't sa'n 25 minuten tiid frege.

Jolanda Lootens (skriuwer)

SKUTSJESKIPPERSKES

*Presintaasje troch Sippy Tigchelaar en Janke Schurink – Wijkstra
freed 25 oktober 2024 yn 'De Weijenbelt' sa'n 50 minsken oanwêzich*

Mei de ledegearkomste, in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol en in presintaasje fan Sippy Tigchelaar setten wy it winterskoft 2024-2025 útein.

It is in goede gewoante, dat it Frysk Sjongkoar Swol nei ôfrin fan de ledegearkomste in optreden fersoarget. Dat barde no ek wer. En wat wie it wer moai. Under lieding fan diriginte/pianiste Jelma Wiegersma song it koar fiif lieten. Diskear mei muzikale stipe fan fioelist Freek van der Meulen. It earste liet wie, hiel tapaslik, *'Sjongers binn' net stil te krijen'* fan Hindrik van der Meer. No, dat binne de sjongers fan it Frysk Sjongkoar Swol ek net. It liet waard folge troch *'Oan 'e dyk fan Keimpetille'* (Jan Slofstra en Marten Sikkema). Dêrnei ferraste solist Eelco Wassenaar mei *'Wat in prachtige wrâld'* ('What a wonderful world' fan Louis Armstrong). It fjirde liet wie *'Sulv'ren moanne'* (A. Bosch en P. De Boorder) op de wize fan 'Ach Margrietje'. De útsetter fan it optreden wie *'Riis, do sinne'*, (Eppie Dam), de Fryske fersy fan 'Va, pensiero', algemien bekend as 'it slavenkoar' út de opera 'Nabucco' fan Giuseppe Verdi. It entûsjasme, of leaver sein, de passy dêr't it koar dit liet mei song, besorge mannichien pikefel. Wa't it (nochr) hearre wol, it is te finen op YouTube. Google-je op *'Riis, do sinne'* en jo hearre en sjogge it optreden yn 'De Hoofdhof' yn Berkum.



Foto: Jelma Wiegersma

Nei it skoft fertelde Sippy Tigchelaar op in ynnimmende wize oer it libben fan de skûtsjeskipperskes yn 'e tiid dat der foar it deistich brea fearn waard. Sy en Alice Booij hawwe mei in tal skipperskes in petear hân en harren ferhalen fêstlein yn it boek *'Schippersvrouwen'*. Ien fan dy skipperskes, Janke Schurink – Wijkstra (*lofts op de foto*), wie mei Sippy meikaam en fertelde oer har libben oan board fan it skûtsje. Wat wie it in swier libben en in hurd bestean. De oanwêzigen harken mei sân pear earen en de ferhalen makken djippe yndruk. Tenei sjogge se grif mei oare eagen nei it skûtsjesilen, dêr't ek striid by levere wurdt. Janke har soan Wouter van Terwisga is ien fan harren. Hy is skipper op it skûtsje fan Earnewâld. Nei ôfrin fan dizze slagge middei waard der noch efkes noflik neipraat.

(JB)



De Fryske Beweging.
sûnt 1945

De Fryske Beweging is de organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en dy't har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer.

De Fryske Beweging (DFB) is dwaande mei tal fan saken dy't fan belang achte wurde foar it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk. Under oaren troch oerlis mei de polityk, organisaasjes stypje dy't itselde neistibje as DFB, troch kontakt te sykjen mei ynstânsjes om mear omtinken foar it Frysk te freegjen en aktiviteiten fan DFB yn de publisiteit te bringen. DFB is mei-organisator fan de *Fedde Schurerlêzing*. Fierder rikt de DFB ien kear yn 't jier de *Fear yn 'e Broek* út en wurde no en dan *Plombrieven* stjoerd nei persoanen of ynstânsjes dy't har op in bysûndere wize ynsette foar it Frysk.

Op Goeie.frl, de digitale nijsside fan de DFB, stiet, yn haadsaak nijsgjirrich nijs oer alles wat mei Fryslân en de Fryske taal en klultuer te krijen hat. Under it biedwurd *'Foar de rykdom fan Fryslân'*


Goeie.frl

FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLAN

De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. In mail nei freonen@omropfryslan.nl en oanmelde fia de webside kin ek.



Yn it boek **'Schippersvrouwen'** fan Sippy Tigchelaar en Alice Booi (Snitser mei hert en siel), komme fyftjin froulju fan skûtsjeskippers oan it wurd oer it libben oan board fan in skûtsje. Der waard hiel wat fan de froulju frege. Se moasten sterk wêze en fleksibel. Se moasten planne kinne en multytaske, om it mei hjoeddeiske wurden te sizzen. Want harren taak oan board feroare hieltyd, fan wurkje oan it skip, stjoere en lade, nei húshâldlike taken en soargje foar de bern.

It is opmerklik hoefolle oft de froulju, dy't al op hege leeftiid binne, noch witte fan dy tiid. Oer it generaal fertelle se oer in swier en hurd libben. 'Wy wiene de sigeuners fan it wetter.', seit ien fan harren. Se

sjogge wol allegearre werom op in lokkige bernetiid. Se giene net faak nei skoalle. Allinne as se earne twa dagen of langer foar de wâl leine, giene se nei in skoalle ta. Faak kamen se dan achtern de klasse te sitten, want foar in ûnderwizer wie der net folle eare oan te beheljen.

Mei it optekenjen fan de ferhalen fan de skippersfroulju is in gat folle en dêr binne de skriuwers bliid om. 'Wy wiene miskien al wat oan de lette kant, mar ik bin bliid dat we noch fyftjin froulju fine koene dy't allegear prachtige ferhalen ferteld hawwe.', seit Sippy Tigchelaar. Mei dit boek is rjocht dien oan al dy skippersfroulju.

(JB)

Ditkee

se sizze
dat it naet úkmaktet
as je de lteers yn in wrud
op it geode palk sette
as je de eraste lteer mar oan it bigjen
en de lteë oan 'e ein srkuiwe
spant eklenein wat der sitet
mar wrêom, o wêorm
wit dy okmoal fan Fyrsk dat net
mei dat stomme klaote ditkee
dan helle ik miksien ek ris in nojgegn
yn pealts fan in tijre of in twa

Eigen frije oersetting fan 'dectie' fan Hans Hagen út 'hoe angst klinkt'
Utjûn troch PLINT



O, hil'ge nacht

O, hil'ge nacht, wy lúst'rje nei jins sangen
en sjogge op nei it ljocht fan Bethlehem.
Tsjustere machten hâlden ús yn finz'nis,
mar bliid en treastend klinkt dêr in ing'lestim.

(orizjinele tekst fan Placide Cappeau)

Om't it **Frysk Sjongkoar Swol** wer by it krystmiel optrede sil, steane hjir in pear rigels fan in wrâldferneamd krystliet. Om alfêst yn 'e stimming te kommen.

It koar sjongt al mear as tweintich jier mei in soad nocht en wille. In repertoire fan bekende en minder bekende Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht net lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Men hoecht sels de Fryske taal net machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

Sa no en dan fersoarget it koar in optreden yn Swol of earne oars. Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Neist it opsnuwen fan in stikje kultuer of histoarje, sjongt it koar dan ek yn in fersoargingshûs. Dat dit tige op priis steld wurdt, litte de bewenners blike troch gauris mei te sjongen. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10.00 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



**Kom earst mar ris nei in repetysje.
Dat jout fierders gjin ferplichting.**

Nim foar mear ynformaasje kontakt op
mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma
Simon Galema
Jolanda Lootens
Jelma Wiegiersma

foarsitter
skriuwer
ponghâlder
diriginte

0523 656802
06 51562533
06 47585240
06 19506520



Tongersdei 19 desimber 2024 om 17.45 oere (ynrin fan 17.15 oere ôf) yn Hotel Restaurant 'Het Roode Hert'

Hessenweg 41, Dalfsen

krystmiel

mei meiwurking fan it



foto by it jubileum t.g.f. it 125-jierrich bestean fan it Frysk Selskip Swol

Frysk Sjongkoar Swol

Noch net opjûn? Doch dat dan hjoed! Nei 10 desimber kin it net mear!

Dat kin mei in mailtsje oan frykselskipswol@mail.com of in telefoantsje nei ús ponghâlder Sjoerd Bakker (sjoch side 12).

Foar ús leden kostet it mar **€ 30.--** de man/frou. Binne jo allinne en wolle jo graach in famyljelid of freon(dinne) meinimme, dy't gjin lid fan ús selskip is, hy/sy is fan herte wolkom. Foar dyjinge jildt in priis fan **€ 50.--**.

DER IS DIZZE JUN IN FERLOTING MEI MOAIE (KRYST)PRIZEN !!!